






2023

# FOARLÊSGIDS





De nijste Fryske berneboeken en apps  
foar bern fan 0-12 jier



+ foarlêstips!

heit&mem



# DE NIJSTE FRYSKE BERNEBOEKEN



## It is de Gruffalo! 1+

Julia Donaldson

Kartonboekje mei fingerpopke.



## Stip yn it swimbad 1+

Eric Hill

Fleurich kartonboekje oer Stip dy't swimme sil mei syn nije swimbân.



## Wêr bisto, lytse knyn? 1+

Sam Taplin

Boartlik kartonboekje foar de alderjongsten. Kinste it knynsje fine?



## Wat in rommel! 2+

Emily Gravett


In prachtich ferhaal op rym oer wat tefolle rommel docht...



## Joazefine fiert fakânsje 2+

Alexander Steffensmeier

Printeboek mei in spannend ferhaal oer de ko Joazefine.



## Op it bouplak 2+

Susanne Gernhäuser

Boek mei grutte platen oer alles wat der te sjen is op it bouplak.



## FRYSKE BERNE-APPS

Alle apps binne fergees te downloaden yn de App Store en yn Google Play.




### Lytskes 1+

Njoggen animearre Fryske berneferskes. Sjong mar mei!




### Tomke 1+

Ferhaaltsjes, filmkes, ferskes en spultsjes mei Tomke en syn freontsjes.



### Hantsjes yn 'e hichte 2+

Mei sykplaten, filmkes en ferskes, songen troch Janneke Brakels mei begelieding op piano troch Cor Bakker.



**Abe en de aardichman 4+**  
Tialda Hoogeveen & Yke Reeder

Sfearfol (foarlês)ferhaal oer in jonkje dat syn eangst oerwint.



**Ik moet sa noadich 4+**  
Quentin Gréban

Eva is mei har mem op de merk, as sy ynienen hiel noadich moat. Fluch wer nei hûs!



**Jelle en juf 4+**  
Mirjam van Houten

Humoristyske foarlêsferhaaltsjes mei prachtige yllustraasjes oer it fantasyrike jonkje Jelle en syn juf.



**Sipke leert fierljeppen – Sipke leart fierljeppen 4+**  
Lida Dykstra & Harmen van Straaten

Frysk-Nederlânsk Gouden Boekje mei ferhaal op rym. Ek by oare Fryske sporten is in Sipke-boekje te krijen.



**De bjusterbaarlike baron 6+**  
Jurjen Faber & Paul van Dijk


Yn dit boek fertelt de baron von Münchhausen wat hy allegear meimakke hat op syn reizen. En dat naait derút!



**De letterfretter 10+**  
Lida Dijkstra

Fleurige gedichtsjes mei alle Fryske lûden.

Alle boeken binne te keap yn de Fryske boekwinkel of fia websjop.afuk.fr



**Wat heart wêr? 2+**  
Bern leare boartsjendewei foarmen te werkennen en fergutsje harren wurdskat yn trije talen.



**It Grutte Foarlêsboek 2+**  
Mei prachtige ferhalen, gedichten en spultsjes.



**Rinze de Kikkert 4+**  
Fjouwer boartlike e-boeken mei ynteraktive eleminten, om foar te lêzen of sels te besjen.



**Tsjil-app 4+**  
Mei filmkes en programma's yn de Fryske taal.

# WÊROM FOARLÊZE?

## Dêrom foarlêze!

- Troch tegearre in boekje te lêzen, plaatsjes oan te wizen, in ferske te sjongen of in ferhaaltsje te fertellen, fersterkest de bân mei dyn bern.
- It is goed foar de kommunikative ûntwikkeling en lokket aktyf taalgebrûk út.
- Foarlêzen fergruttet de wurdskat.
- Boeken en ynteraktive apps stimulearje de fantasy en sosjaal-emosjonele feardichheden.
- It befoarderet de lústerfeardigens en de konsintraasje.
- It taalgefoel wurdt op in boartlike wize ûntwikkele.
- It jout bern grip op de wrâld om harren hinne.
- Fryske boeken en apps binne leuk foar jim allebeide!



## Wêrom yn it Frysk?

Foar it twatalich (Frysk/Nederlânsk) grutbringen fan bern is it belangryk om de minderheidstaal fan de berte ôf ekstra omtinken te jaan.

Dat jildt sawol foar bern dy't opgroeie yn in folslein Frysktalige húshâlding as foar bern wêrfan't ien âlder Frysk praat. Gelokkich binne der in hiel soad moaie Fryske ferhaaltsjes, ferskes, boeken en apps!



Foar mear ynformaasje  
sjochst op [www.heitenmem.nl](http://www.heitenmem.nl)



Scan de koade foar in  
animaasje oer meartalich  
opgroeie!

## Kolofon

**afûk**

heit&mem

Utjûn troch Afûk, 2023  
Bûterhoeke 3, 8911 DH Ljouwert  
tel. 058-234 30 70  
[ynfo@afuk.frl](mailto:ynfo@afuk.frl)  
[www.afuk.frl](http://www.afuk.frl)

De yllustraasjes yn dizze gids binne fan Berber van den Brink en komme út 'De Letterfretter' fan Lida Dykstra, Afûk 2023




### Word Tango

Mei Word Tango wreidest dyn wurdskat út en oefenest tagelyk dyn skriuwfeardigens!



### US: Lân fan Taal

Mei dizze 'augmented reality game' trochkrústo Ljouwert en ûntraffelest in iuwenâld mystearje.



### BabelAR

Yn dit gearwurkings-multiplayer AR-spueltsje moatte learlingen harren taal en taalkennis brûke om it personaazje Babel te helpen har wei nei hûs te finen.

# FOARLÊSTIPS

## Foarlêstips 0-2 jier

- Lit dyn lytse poppe it boekje sels ûntdekke: gripe, sobje, dermei goaie...
- Lit de ôfbyldingen sjen en beneam watsto sjochst.
- Praat en sjong mei dyn bern.
- Meitsje eachkontakt ûnder it foarlêzen.
- Doch rêstich oan, it boek hoecht net yn ien kear út.
- Sjoch ek ris yn de biblioteek! Dêr binne ek Fryske boekjes foar de alderlytsten. Bern oant 18 jier kinne fergees lid wurde.



## Foarlêstips 4-8 jier

- Kreëarje jim eigen foarlêsitueel, op in fêst momint en op in fêst plak.
- Lês de titel fan it boek foar en praat oer de foarkant.
- Lit dyn bern fertelle en gean yn op de reaksjes.
- Lês it boek noch in kear en noch in kear. Bern leare alle kearen wer wat nijs.
- Lês it boek earst sels, dan bist taret op drege wurden en mimyk.
- Lit it ferhaal libje troch lûden of stimkes ta te foegjen.
- Praat tegearre oer de ein: hoe sil it ôfrinne?



## Foarlêstips 2-4 jier

- Besjoch tegearre hoe't it boek derútsjocht en stel fragen by wat der te sjen is.
- Underbrek sa no en dan it foarlêzen, dat jout romte om te reagearjen.
- Lit dyn bern it ferhaal neifertelle. Wat barde der?
- Werhelje it boek; alle kearen begrypt en werkt dyn bern wer mear.



## Foarlêstips 8-12 jier

- Jou it goede foarbyld, lit sjen dat boeken en lêzen belangryk binne.
- Freegje dyn bern wat hy/sy fan it boek fynt.
- Jou in boek kado op 'e jierdei of foar de fakânsje.
- Ek âldere bern fine it faak noch hearlik om foarlêzen te wurden.
- Of draai de rollen om! Lit dyn bern dy foarlêze.